



# FOAR TOLVEN THÚS

(Cinderella – Assepoester)

**Stik (mearke) yn twa bedriuwen troch**

**NORMAN ROBBINS**

**Oersetting en bewurking**

**Ernst Adema**

**Oersetting yn it Frysk**

**Anneke Burgy**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FOAR TOLVEN THÚS – CINDEREALLA - ASSEPOESTER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NORMAN ROBBINS** en vertaler/bewerker: **ERNST ADEMA, Fryske oersetting ANNEKE BURG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2023 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

Telefoon (03)3.66.44.00,

E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSOANEN:**

Knoop

Cindy

Dandini

Medusa

Bern

Prins Reinhart

Arsenica

Feestfierders

Baron Aendegrondt

Demonica

2 soldaten

Rits

Fee

*(de oersetter Frysk, Anneke Burgy, hat der foar keazen om Fee yn dit stik Nederlânsk prate te litten. Fee is eins net in wêzentlik persoan, sy is ûngrypber en in fee komt eins “fan in oare planeet”. Dat der dan ferskil is yn de taal fyn ik tige oannimlik en komt neffens my it stik tegoede)*

## **EARSTE BEDRIUW**

## Sêne 1

*(Foargevel en bordes fan Hûs Gjinsintomhannen)*

**KNOOP:** *(op fanôf it bordes, hâldt in brief omheech)* Juffer Cindy, juffer Cindy! Wêr is dy no toch! Jim hawwe har seker ek net sjoen, hè? Nee dus. Hallo allegearre. *(de seal reagearret súntsjes)* No sis! Ik ferstean jim hast net. Harkje, ik hjit Knoop en as ik sis: Hallo allegearre – dan sizze jim: Hoera, dêr ha we Knoop. Want sa hjit ik. Efkes oefenje! *(werhelje oant it goed giet)* Moai sa. Okee, ik hjit dus Knoop en ik wurkje hjirre yn Hûs Gjinsintomhannen. As húsfeint. Fan Baron Aendegrondt. Tapaslike nammen... Mynhear de Baron sit folslein oan de grûn en hat gjin sint om hannen. En dat komt sa – in skoftsje lyn is der hjir ynbrutsen. Al it jild fan de baron – en de juwielen fan syn ferstoarne frou – alles stellen. Sjoch. En dêrom sit de baron oan de grûn. En dêrom gjin sint om hannen. Ik ek net trouwens. Ik ha al yn gjin tiden mear lean sjoen. Foarige wike bejoech myn horloazje it en ik ha gjin jild om in nije te keapjen. *(efkes stil)* No sille jimme wol tinke: sykje dan in oar baantsje. Ja toch? *(de seal antwurdet)* Hearde ik dêr ek ien nee sizzen? Moai sa, want ik sykje hielendal gjin oare baan. Ik gean hjir net wei. Omdat der dan net ien mear is om in bytsje op juffer Cindy te passen. Want dy hat dus gjin mem mear. En har heit is gauris op 'e sweef. Hy is no al wer twa wiken fan hûs. Mar – hy is op wei hjirhinne. Harkje mar. *(lêst foar)* “Bêste Knoop. Ik skriu dy even om witte te litten dat ik op wei bin nei hûs. Sis tsjin Cindy dat ik in ferrassing by my ha. Do kinst my om *(tiid 5 minuten nei no)* ferwachtsje. Soargje derfoar dat alles der tip/top útsjocht.” Ha ik dien. Allinnich noch even kofjesette. Oei, wachtsje ris. *(tsjin de seal)* Hoe let soe hy hjir ek al wer wêze? *(de seal antwurdet)* O ja. En it is no eh – *(sjocht op syn stikkene horloazje, baalt)* Hoe let ha jim it? *(de seal antwurdet, hy skrikt)* Leave santjin, dan ha ik noch mar fiif minuten. Opsjitte, Knoop! *(hy wol ôf, mar Dandini komt op)* Oh, goeie, wa binne jo?

**DANDINI:** Ik bin de adjudant fan Jins Keninklike Heechheid Prins Reinhart. Dandini is de namme. En ik moat in belangryke meidieling dwaan.

**KNOOP:** Mynhear de baron komt aanst thús.

**DANDINI:** Wol wol. Dat treft alhiel. Dan is hy dus noch krekt op tiid foar it bal. Moarn. Yn it keninklik paleis.

**KNOOP:** In feest yn it paleis? Mei ik ek komme?

**DANDINI:** (besjocht him op en del) As jo josels moai oanklaaie, binne jo wolkom. (*ôf*)

**KNOOP:** (*docht him nei*) As jo josels moai oanklaaie, binne jo wolkom. (*ôf*)

(*Cindy op mei in groepke bern. Dûns*)

**CINDY:** Sa jonges, no mar gau wer nei hûs. Moarn sille we wer kuijerje yn it bosk. (*de bern reagearje entûsjast en geane dan ôf*) Doe! Oant moarn! Hè, wat is it hjoed hearlik waar. Gjin wolkje oan de loft. Op sa'n skitterjende dei kin it my neat skeale dat wy earm binne. Mar ik soe wolle dat ús heit einlings wer thús kaam.

**BARON:** (*achter*) Hallo Cindy, bisto dêr? Ik bin der wer. (*op*) Oh leave, wat is it hearlik om werom te wêzen. Ik ha dy freeslik mist.

**CINDY:** Ik ha jo ek sa mist, heit. Ha jo it moai hân?

**BARON:** Fantastysk. En dan noch wat: ik ha in ferrassing by my.

**CINDY:** Watfoar ferrassing?

**BARON:** Us soargen binne foarby. Wy wienen alles kwyd, mar fanôf no swimme wy yn it jild.

**CINDY:** Oh! Is it stellen jild wer terjochte?

**BARON:** Nee.

**CINDY:** Ha jo dan miskien in priis wûn of sa?

**BARON:** Nee, leave. It is noch folle spannender. Do silst derfan opsjen. (*wriuwt him yn de hannen*) Wat sil myn lytse famke bliid wêze. Eagen ticht. Net stikem sjen, hear! (*se docht wat heit seit, hy jout fansiden in teken*)

**MEDUSA:** (*lilk op*) Wêr wie dat goed foar! Wêrom moast ik dêr achter dy beam stean! (*sjocht Cindy en jout in alderheislikste gjalp*) Wat is dat? Help! (*falt him om de hals*) Help!

**CINDY:** (*docht de eagen iepen*) Wat is der? Wat is der oan de hân?

**MEDUSA:** It praat ek noch! It PRAAT! (*klammet harsels noch fêster*) Help! Genede!

**BARON:** Wat is der? Medusa, leafste! Wat is der oan de hân?

**MEDUSA:** Dat dêr! Dat – GEDROCHT!

**BARON:** Mar – mar – dat is myn dochter.

**MEDUSA:** *(fol ôfgrizen)* DOCHTER?

**BARON:** Ja. Myn leave lytse Cindy. *(Medusa himet wat en falt flau yn syn earmen)*

**CINDY:** Wat hat se, heity? Wêrom falt se flau?

**BARON:** *(wit net wat te sizzen)* Ik tink dat se wat skrok, leave. Se hie net yn de gaten datsto al sa'n grutte faam bist.

**CINDY:** Mar se neamde my in gedrocht! *(eangstich)* Wa is sy?

**BARON:** Eh – eh – SY is – de ferrassing.

**CINDY:** Wat?

**BARON:** *(mei gène)* Ik bin wer troud. Sy is dyn nije styfmem.

**CINDY:** O! Nee toch!

**BARON:** *(smeekjend)* Mar sy is skatryk, leave – en do witst toch hoe earm wy it ha. Ik MOAT de skulden betelje kinne.

**MEDUSA:** *(komt fuort wer by sûp en stút)* O ja? Tink mar net datst dat mei MYN jild dwaan kinst! Fanôf no bin IK hjir de baas yn 'e hûs en ik sil de noadige saken feroarje. Om te begjinnen sil DAT dêr yn de keuken sliepe.

**BARON:** Yn de keuken sliepe? Wêr is dat goed foar?

**MEDUSA:** Om ynbrekkers bang te meitsjen. Kâld keunstje mei dy ferlepte kop fan har. *(tsjin Cindy)* Ik sil dy wolris even oan it wurk sette, bedoarn misbaksel! Om te begjinnen makkest twa sliepkeamers yn oarder – foar myn twa skatsjes fan dochters.

**BARON:** Dochters? Hasto dan dochters? Dêr wist ik neat fan.

**MEDUSA:** Dan witst it no. En praat my net tsjin, omkoal, want dan krigest SEKUER gjin sint fan my. En no wol ik it hûs besjen. It sil dêrbinnen wol in moai soadsje wêze. *(ôf)*

**CINDY:** O, heity. Se is – *(hast yn triennen)* Se is sa gemien!

**BARON:** *( earm om har hinne)* It spyt my, Cindy. Ik tocht dat ik der goed oan die. Foar mysels – en foar dy. *(suchtet)* Mar it liket der op dat ik my raar fersint ha. *(tegearre ôf. De ûnkreaze susters ferskine)*

**ARSENICA:** Joehoe! Memmy!

**DEMONICA:** Hjir binne we! Mmm, se is der al yn gongen, tink. *(sjocht om har hinne)* Wat in earmoedich soadsje hjirre!

**ARSENICA:** Sis dat wol. Moatte wy hjirre wenje? In boufal – yn in achterlik boeredoarp. No ja, it foardiel is dat ik hjir dan wol de inige oantreklike jonge frou bin.

**DEMONICA:** Ha! Do silst MY wol bedoele, hûndsje!

**ARSENICA:** DY? Moatst hearre, holle fol tearen – Do bist hielendal net yn tel as de mannen MY sjogge. Ik hoech se mar even SA (*knipperet ferliedlik*) oan te sjen –

**DEMONICA:** - en se rinne jankendewei fuort.

**ARSENICA:** Pas op, snoezepoeske, of ik wurkje dyn gesicht wat by.

**DEMONICA:** Ha! Witst wat dyn probleem is, hingwang? Do bist jaloersk op myn skjintme.

**ARSENICA:** Skjintme? (*gnjirjende laits*) As ik dyn holle hie, plakke ik it op in muorre en smiet der in bakstien tsjinoan!

**DEMONICA:** En as ik DYN holle hie, plakke ik it op in bakstien en smiet der in muorre tsjinoan! (*Arsenica fljocht op har ôf, har hântaske as wapen, Demonica fedigenet harsels mei lûd razen*)

**KNOOP:** Hallo, allegearre.

**SEAL:** Hoerrraaa, dêr is Knoop!

**SUSTERS:** (*tagelyk*) In man! (*se litte inoar los en kreasje harrensels wat op*)

**ARSENICA:** (*triuwt har suster fansiden*) Dy is foar my.

**DEMONICA:** Net wier. Ik seach 'm it earst. (*lûkt har suster werom*)

**ARSENICA:** Lit my los.

**DEMONICA:** Hy is foar my, hearst my? Foar my!

**ARSENICA:** (*jout suskeleaf in hingst mei de hântas*) Dêr dan!

**DEMONICA:** Aaauuu! (*Baron, Medusa en Cindy op*)

**MEDUSA:** Mar skattebekjes toch, wat is der? Wat is der hjir allegear geande?

**DEMONICA:** (*wiist*) Sy hat my slein.

**ARSENICA:** Net wier! Hy hat it dien! (*wiist nei Knoop*)

**KNOOP:** Ik ha it dien?!

**ARSENICA:** Sjochst wol, memmy, hy jout it ta.

**KNOOP:** Ik ha har mei gjin finger oanrekke. Ik wit wol wat ik leaver oanreitsje.



**DEMONICA:** (*sjocht Cindy*) En wat is DAT dêr?

**ARSENICA:** Is dat – echt?

**BARON:** (earm om Cindy hinne) Dat is jimme nije suske. Cindy.

**DEMONICA:** Myn healsuster? Is dat sútrige skarminkel myn healsuster? Dat kin net wier wêze. Sis dat it net wier is.

**ARSENICA:** (*falt der hast by del*) Ik wurd net goed. Ik donderje der hinne. Hoe kin in beauty as ik sa'n ûnhuere healsuster ha!

**MEDUSA:** Ja, se is net om oan te sjen, mar meitsje dy net ûngerêst. Se mei har ûnsjogge kop net fertoane as wy minsken oer de flier krije. We slúte har gewoan yn de kelder op.

**KNOOP:** (*lilk*) No moatte jim ris goed harkje.

**CINDY:** (*hastich nei him ta*) Net dwaan, Knoops! Straks stjoere se dy fuort. Toe, de bist de inige freon dy't ik hjir noch ha.

**MEDUSA:** (*driigjend tsjin Knoop*) Wat woesto dêr sizze?

**KNOOP:** (*slokt*) Harkje ris... sil ik kofje sette?

**MEDUSA:** (*wantrouwich*) As ik kofje ha wol, dan sil ik dêr wol om freegje. En pas op, do. Ien ferkeard wurd en do kinst it wol ferjitte.

**KNOOP:** (*hat it der muolik mei*) Seker, mefrou.

**MEDUSA:** Sa mei ik it hearre. En – wat dy kofje oanbillanget – set mar in tsjettel wetter op it gas.

**BARON:** Wy ha gjin gasstel, leafste. Wy ha in houtfjoer.

**MEDUSA:** Wat in earmoede. No ja, dan kinne jim moai alfêst hout helje. Opsjitte! Kom mei, skattebekjes. Lit ús deryn gean. (*ôf mei har dochters. De baron rint fol skamte nei Cindy, mar wy hearre*) Archibald! Hjrre!

**BARON:** Ja, leafste. (*rint bûchsum ôf. Cindy en Knoop nei it balkon*)

## DOEK HEAL TICHT

### SÊNE 2

(*Balkon*)

**CINDY:** O, Knoop. Wat moatte wy no dwaan. Se dogge sa gemien.

Sa yn – en yn gemien! (*gûlend*) Ik woe dat ik dea wie.

**KNOOP:** Mar juffer Cindy toch, sa meie jo net prate. Wat soe ik no sûnder jo moatte?

**CINDY:** Soest my misse, Knoop? Echt wier?

**KNOOP:** No, dat soe ik sizze. Wa moat der DAN myn sokken stopje?

**CINDY:** (*laket troch de triennen hinne*) Knoop toch!

**KNOOP:** En dan noch wat – en dan soene jo ek net nei it feest fan de prins kinne.

**CINDY:** In feest? Wêr?

**KNOOP:** Moai sa, we krije wer nocht oan it libben. In grut hofbal. Yn it paleis.

**CINDY:** Yn it paleis? Echt wier? Fan wa hasto dat heard?

**KNOOP:** Fan de adjudant fan de prins. De iene of oare mynhear Dandini. Hy komt ynkoarten mei de útnoadigingen.

**CINDY:** O, Knoop, wat hearlik. (*fljocht him om de hals*)

**KNOOP:** Gelokkich, jo binne wer fleurich.

**CINDY:** Ja, mei tank oan dy. (*tútet him op it wang*) Knoop, do bist in skat. Kom mei, oan it wurk. (*ôf*)

**KNOOP:** Wêrom komt dat gesicht fan dy iene frou my toch sa bekend foar. (*prakisearjend ôf*)

**PRINS:** (*op mei Dandini*) Siesa, Dandini. De tariedingen foar it feest ferrinne dus nei winsk? Binne de útnoadigingen al klear?

**DANDINI:** Jaseker, Jins Heechheid. Ik sil se moarns rûnbringe. Mar – jo sjogge der wat wurch út. Wie it kuierke miskien wol wat te ynspannend? Wolle jo hjir net even wat útrêste?

**PRINS:** Hjir net, mar as wy straks thús binne, moat ik wol even bykomme. Myn ferantwurdlikens as troanopfolger is my wolris te swier. As in molestien om de nekke.

**DANDINI:** Kom kom, Jins Heechheid – ik soe oars bêst wol mei sa'n - "molestien" omrinne wolle. As ik jo wie – mmm – wat soe it libben my dan talaitsje.

**PRINS:** Do bist dus wat jaloersk op my?

**DANDINI:** Ja. Wolris wat, eins.

**PRINS:** Dandini toch. Witst, somtiden bin IK krekt jaloersk op DY! Do bist sa frij as in fûgeltsje yn 'e loft.

**DANDINI:** Miskien kinne wy dan – (skrikt fan himsels)

**PRINS:** Miskien kinne wy – WAT?

**DANDINI:** Nee, neat. Besopen tinken fan my.

**PRINS:** Ik bin gek op besopen tinken. Fertel ris.

**DANDINI:** Miskien kinne wy wolris fan rol wikselje? Foar in hoartsje.  
Dan soene jo Dandini wêze – en ik prins Reinhart.

**PRINS:** Dat kinne we net meitsje, Dandini. (*even stil*) Alhoewol –  
wêrom eins ek net? Doch de mantel ôf. En de baret. (*mei in soad  
lol ferwikselje se fan mantels, baret en kroan*) En, Dandini? Hoe  
sjoch ik derút?


**DANDINI:** (*alhiel yn syn rol*) Myn namme is Prins Reinhart, Dandini!

**PRINS:** (*laket en bûcht, baret yn de hân en set 'm dêrnei net mear  
op*) Nim my net kwea ôf, Jins Heechheid.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

“Samenspelen” is ons motto